

Abstract 'Symposium erkende talen 2022', Wolvega, The Netherlands, April 21 2022

<https://www.symposiumerkendetalen.nl/page/910240>

Psychology of your language. Insight in your language behaviours and -habits.

In order to maintain a minority language, it is crucial that speakers can use it as often and freely as possible. However, in many situations it has been observed that speakers of minority languages adopt a self-censoring attitude where they avoid using their own language and switch to the majority language. This happens even when their counterpart understands the minority language perfectly and when it is officially recognized and widely used in the local environment.

Assertiveness means being self-assured and confident without being aggressive. It's a skill and way of communicating that you can learn. When applied to languages, it means that people are trained to express themselves in their own language, while feeling calm and confident, even when they are not sure whether their interlocutor can understand them.

The aim of the LISTEN project is to develop training courses for different minority languages, taking into account the different circumstances in which those languages find themselves. Through the training, speakers of a minority language gain more insight into their own language attitudes and behaviours and the assumptions that are connected to it, and they are given practical tools based on assertiveness techniques to change their behaviour.

De Afûk, partner in this project, has developed a training course for the Frisian situation "Psychology fan dyn Taal". Mirjam Vellinga, project leader of LISTEN Fryslân, talks about the theoretical background of the training, what the training consists of, how it is structured and what the reactions to the training have been so far. She also discusses the plans for the coming years and the possibility of collaboration with other minority and regional languages in the Netherlands.

Other partners in the LISTEN project are: Universitat de Valencia (Spain), ELEN (France), Conradh na Gaeilge (Ireland), Consiglio Nazionale Delle Ricerche (Italy), IAITH: Welsh center for language planning (UK), Universitatea Sapientia Din Municipiul Clujnapoca (Romania).

Psychology fan dyn Taal: ynsjoch yn dyn taalgedrach en taalgewoantes.

It behâlden fan in taal hinget fan in grut part ôf fan de minsken dy't dy taal brûke. As in taal libje wol moat dy taal sa frij en sa faak mooglik brûkt wurde. By de sprekkers fan in minderheidstaal bart it faak dat de sprekkers in selssensurêrjende hâlding oannimme en harren taal net brûke, mar oerskeakelje op de mearderheidstaal. Dat bart sels wannear't de petearpartner de minderheidstaal hiel goed ferstean kin of sels ek prate kin.

Assertiviteit hâldt yn datst selsfersekere bist en betrouwen yn dysels hast sûnder agressyf te wêzen. It is in kwaliteit en in manier fan kommunisearjen dy'tst leare kinst. Wannear't it tapast wurdt op talen betsjut dit dat minsken treend wurde om har yn har eigen taal út te drukken wylst se har rêstich en selsfersekere fiele, ek wannear't se net wis binne oft harren petearpartner harren wol ferstean kin.

It doel fan it Erasmus+ LISTEN-projekt is om treninge te ûntwikkeljen foar ferskillende minderheidstalen mei each foar de ferskillende omstannichheden dêr't dy talen har yn befine. De sprekkers fan in minderheidstaal krije troch de trening mear ynsjoch yn harren eigen taalhâlding en -gedrach en de oannames dy't se mei har meidrage. Se krije praktyske hânfetten oanrikt basearre op assertiviteitstechniken om harren gedrach te feroarjen.

De Afûk, partner yn dit projekt, hat foar de Fryske sitewaasje in trening ûntwikkele “Psychology fan dyn Taal”. Mirjam Vellinga, projektlieder fan LISTEN Fryslân, fertelt oer de teoretyske eftergrûn fan de trening, wêr’t de trening út bestiet, hoe’t dy opboud is en wat de reaksjes op de trening oant no ta binne. Dêrneist giet se yn op de plannen foar de kommende jierren en de mooglikheid ta gearwurking mei oare minderheids- en regionale talen yn Nederlân.

Oare partners yn it LISTEN-projekt binne: Universitat de Valencia (Spanje), ELEN (Frankryk), Conradh na Gaeilge (Ierlân), Consiglio Nazionale Delle Ricerche (Italië), IAITH: Welsh centre for language planning (UK), Universitatea Sapiientia Din Municipiul Clujnapoca (Roemenië).

CV Mirjam Vellinga:

drs. Mirjam Vellinga (1972), studearre Fryske taal en letterkunde oan de Ryksuniversiteit Grins (RuG). Se wurket sûnt 1998 by de Afûk en is de teamlieder fan de ôfdieling taalpromoasje fan de Afûk. Yn 2007 hat se de kampanje Praat mar Frysk inisjearre en ûntwikkele: in oerkoepeljende taalpromoasjekampanje foar it Frysk. De kampanje hat ek ynternasjonale erkenning en bekendheid krigen troch it tûk ynsetten fan social media.

Se is ek belutsen by projekten op it mêd fan Frysk yn sûnenssoarch, Frysk yn bedriuw/ekonomy en it advisearjen fan oerheidstsjinsten oer taalbelied.

drs. Mirjam Vellinga hat in grut ynternasjonaal netwurk op it mêd fan regionale en minderheidstalen. Se is lid fan 'e stjoergroep fan ELEN (European Language Equality Network) en lid fan it NPLD (Network to Promote Linguistic Diversity).

Se wie projektlieder fan Lân fan Taal, it taalprogramma fan EcoC Ljouwert-Fryslân 2018.

Psychologie van jouw Taal: inzicht in jouw taalgedrag en taalgewoontes

Om een minderheidstaal in stand te houden is het cruciaal dat sprekers deze zo vaak en vrij mogelijk kunnen gebruiken. In veel situaties is echter waargenomen dat sprekers van minderheidstalen een zelfcensurerende houding aannemen waarbij ze het gebruik van hun eigen taal vermijden en overschakelen naar de meerderheidstaal. Dit gebeurt zelfs wanneer hun tegenhanger de minderheidstaal perfect begrijpt en wanneer deze officieel wordt erkend en op grote schaal wordt gebruikt in de lokale omgeving.

Assertiviteit betekent dat je zelfverzekerd bent en vertrouwen in jezelf hebt zonder agressief te zijn. Het is een vaardigheid en manier van communiceren die je kunt leren. Wanneer het wordt toegepast op talen, houdt het in dat mensen getraind worden om zich in hun eigen taal uit te drukken, terwijl ze zich kalm en zelfverzekerd voelen, ook wanneer ze niet zeker weten of hun gesprekspartner hen wel kan verstaan.

Het doel van het LISTEN-project is om trainingen te ontwikkelen voor verschillende minderheidstalen met oog voor de verschillende omstandigheden waar die talen zich in bevinden. De sprekers van een minderheidstaal krijgen door de training meer inzicht in hun eigen taalhouding en -gedrag en de aannames die daarmee gepaard gaan en krijgen praktische handvatten aangereikt gebaseerd op assertiviteitstechnieken om hun gedrag te veranderen.

De Afûk, partner in dit project, heeft voor de Friese situatie een training ontwikkeld "Psychology fan dyn Taal". Mirjam Vellinga, projectleider van LISTEN Fryslân, vertelt over de theoretische achtergrond van de training, waar de training uit bestaat, hoe die is opgebouwd en wat de reacties op de training zijn tot dusver. Daarnaast gaat ze in op de plannen voor de komende jaren en de mogelijkheid tot samenwerking met andere minderheids- en regionale talen in Nederland.

Andere partners in het LISTEN-project zijn: Universitat de Valencia (Spanje), ELEN (Frankrijk), Conradh na Gaeilge (Ierland), Consiglio Nazionale Delle Ricerche (Italië), IAITH: Welsh centre for language planning (UK), Universitatea Sapiientia Din Municipiul Clujnapoca (Roemenië).

CV Mirjam Vellinga:

drs. Mirjam Vellinga (1972), studeerde Friese taal- en letterkunde aan de Rijksuniversiteit Groningen (RuG). Ze werkt sinds 1998 bij de Afûk en is teamleider van de afdeling taalpromotie van de Afûk. In 2007 initieerde en ontwikkelde ze de Praat mar Frysk-campagne: een overkoepelende taalpromotiecampagne voor de Friese taal die ook internationale erkenning kreeg door de sterke social media-campagnes.

Daarnaast is zij ook betrokken bij projecten op het gebied van het Fries in de gezondheidszorg, het Fries in het bedrijfsleven/economie en het adviseren van overheidsdiensten over taalbeleid.

drs. Mirjam Vellinga heeft een groot internationaal netwerk op het gebied van regionale en minderheidstalen. Ze is lid van de stuurgroep van ELEN (European Language Equality Network) en lid van het NPLD (Network to Promote Linguistic Diversity).

Ze was projectleider van Lân fan Taal, het taalprogramma van EcoC Leeuwarden-Fryslân 2018.